

0930 [Besprek] A.T. Popkema, L. Folkertsma, R. Veenbaas en A. Riemersma (red.), *Wittenskip en Beweging. Skôgings oer wurk en stribjen fan prof. dr. Tony Feitsma*. Ljouwert (2015), Wijdemeer, 256 pp. ISBN/EAN 9789492052131.

As samar in Fries op de fraach wa't Tony Feitsma (1928-2009) wie, wat oars antwurdet as 'dat wit ik net', dan sil him of har faaks as earste har eigensinnige fonetyske stavering yn it sin komme. Dêryn – en yn safolle fan Feitsma har alsidich oeuvre – fine wy de keppeling en tagelyk de spanning werom tusken wittenskip oan de iene kant en Frysk beweegjen oan de oare. It is dan ek krekt dat begripepear dat syn namme jûn hat oan dizze tinkbondel.

Feitsma groeide as Fries-om-utens op yn 'e Wieringermar, studearre Deensk mei Frânsk en Frysk as byfakken (Frysk waard net as haadfak oanbean) oan de UvA. Dêrnei hat se learares Frânsk yn Harns west en wie se ferbûn oan it Frysk Ynstitút yn Grins. Yn 1968 waard se universitêr dosint Frysk oan de VU, seis jier letter promovearre se en yn 1976 waard se beneamd ta bûtengewoan heechlearaar yn de nijfryske en middelfryske taal- en letterkunde, oant de stúdzjerjochting yn 1990 opdoekt waard. Noch trije jier wie se bysûnder heechlearaar oan de UvA. Sy wie fan hûs út filolooch, skreau har promoasjeûndersyk oer de lûdestavering yn it wurk fan Gysbert Japicx en hat har ferdjippe yn Joast Halbertsma as histoarysk taalkundige. Se hat har yn en bûten offisjele ferbannen desennialang mei de Fryske stavering dwaande holden, wie ien fan de oprjochters fan de FNP, siet mear as tsien jier yn it bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging en skreau alledgeduerigen engazjearre bydragen yn *De Stiennen Man*, har eigen blêd *Fryx* en yn 'e kranten.

Likegoed, it lot fan de wittenskipper is ornaris al like jammerdearlik as dat fan it sljochtweihinne folk: in libben lang skreppen en dan blykt it efterôf kwealik mear west te hawwen as jacht meitsjen op 'e wyn, in dierber oantinken foar de neibe-steanden en in stikmannich aardige anekdoaten. Foar akademisy binne wy myld: sy krije ek noch in tinkbondel. *Wittenskip en beweging* wol boppedat wat mear wêze as in plichtmjittich gearswylsel. Taalwittenskippers en histoarisy is yn opdracht fan it Feitsma Fûns frege "om it wurk fan Tony Feitsma te hifkjen", hoe't it doetiids ûntfongen is, wat de ynfloed fan har wurk west hat en hjoed noch is.¹

It grutte ferskaat oan skôgings jout wol oan dat Feitsma in alsidich wittenskip-

1. A.T. Popkema, e.o., red., 'Redaksjoneel foaropwurd', 9.

per en beweger west hat. Mei har úteinlik omdôch krewearjen foar in fonetyske stavering der yn it kollektyf ûnthâld útspringe, it is net oerdreaun om te stellen dat Feitsma har mei suver alles wat mei frisistyk, it Frysk en Fryslân te krijen hie wol dwaande holden hat en deroer skreaun hat. Dat har aktiviteiten safolle breder wienen as ien taalkundich spesjalisme en safolle mear omfiemen as inkeld it akademysk wurk tusken de universitêre muorren rjochtfeardiget it útbringen fan in tinkbondel namste mear.

Feitsma, de wittenskipper

Lykwols, om op de haadfraach fan de bondel werom te kommen, it is fan Feitsma har wittenskiplike arbeid noch net sa maklik om de bliuwende betsjutting fêst te stellen, ôfgeande op de ferskillende bydragen yn de bondel. Har tapassing fan de grafematyk op Gysbert Japicx syn wurk, bygelyks, hat kwealik neifolging fûn en is neffens Hoekstra, Breuker en Versloot “in keal bonkerak”, “in torso” bleaun om’t se de stap fan grafeem nei foneem, fan skrift nei útspraak, net set hat. De grafematyk wie begjin santiger jierren wakker yn ’e swang, mar Feitsma rûn dêryn net foarop en hat ek net opkeare kinnen dat it mar in “koarte opstiging” west hat.²

Wiswier, hoewol’t Feitsma in soad oan Midfrysk dien hat, ferskude har omtinken ek nei lettere taalfazen en ûnderkende se it belang fan nijere subfjilden as literatuerosjology en eksterne taalskiednis troch der sels aktyf yn te wurden. Mar ek yn dy ûntwikkelingen wie se neffens Hoekstra gjin pionier; se gie mei yn in beweging dy’t al geande wie. Likemin rûn se foarop mei frisistyk yn ferlykjend perspektyf, it sykjen nei ferbining tusken Fryslân en oare Europeeske minderheden. Al is Riemersma syn artikel dêroer goedgeunstich fan toan, hiel rynsk is de rispinge datoangeande oars net: hy neamt benammen twa bondels nei oanlieding fan kongressen fan de Ynteruniversitêre Stúdzjerie Frysk (YSF), mar Feitsma har bydragen dêryn geane oer de 17^e en de 19^e iuw en binne op harsels net ferlykjend fan karakter. Riemersma moat fêststelle dat har “oansetten ta fergelykjende stúdzje oer de posysje fan it Frysk as skreaune taal mei dy fan [sic] oare Europeeske minderheidstalen net fierder útwurke binne yn skripsjes en dissertaasjes.”³ Alwer gjin grutte wittenskiplike erfenis, dus.

Dat erfskip is faaks noch it meast te finen, lit Gorter yn syn artikel sjen, yn de sosjolingüistyk, al wie dat ynearsten net har spesjalisme. Feitsma seach it belang fan sosjale faktoaren yn taalgebrûk en -hâlding, bygelyks yn de rol fan it Nederlânsk as dominante taal. Se ûnderkende ek de maatskiplike relevânsje fan ûndersyk dêrnei, en de needsaak om as wittenskipper maatskiplik relevant te wurden, it fjild dat je bestudearje ta tsjinst te wêzen. Ut de mei troch har oprjochte Werkgemeen-

-
2. J. Hoekstra, ‘Tony Feitsma en de fernijing yn ’e frisistyk’, 19; Ph. Breuker, ‘De Gysbert-Japixstúdzje fan Tony Feitsma’, 34; A. Versloot, ‘Feitsma en de “Autografemen” yn it wurk fan Gysbert Japicx’, 45.
 3. A. Riemersma, ‘Tony Feitsma en de stúdzje fan it Frysk yn ferbining mei oare Europeeske minderheidstalen’, 120.

schap Sociolinguïstiek kaam in ûndersyksprojekt fuort wêrfan't de publikaasje *Taal yn Fryslân* noch altyd gesachhawwend is en as eksimpel jildt foar lettere soartgelikense ûndersiken.⁴

Yn it ferlingde fan de fraach nei it belang fan har wittenskiplik wurk, leit de fraach nei har fernijingssin. De bondel jout romte oan ferskillende lûden. Gorter beklammet dat se “iepenstie foar nije wittenskiplike opfettings en teoryen” en yn har stânpunten “earder fernijend as behâldend wie”.⁵ Hoekstra, dêrfoaroer, drukt him folle hoedener út. Goed, sy yntrodusearre de kompjûter yn de frisytyk, mar wat se dêrop produsearre wie sa nijmoadrich ornaris net. Feitsma-as-fernijer soe net yn it lêste plak in bewust etalearre selsbyld wêze.⁶ Sa hechte se ek bot oan it byld fan Halbertsma as fernijingssinnich taalkundige, krekt mei omdat se harsels, betoocht Anne Dijkstra yn syn bydrage, sa sterk mei him identifisearre.⁷

Feitsma, de beweger

Nei it alsidich omtinken foar Feitsma har wittenskiplik wurk, komt de twadde pylder fan de bondel, har Frysk beweegjen, wat oan 'e krapperein, al hat Westra foar syn artikel dêroer mei rjocht moai wat romte krigen. Spitich oan de bondel as gehiel is yn it bysûnder dat it spanningsfjild tusken wittenskip en beweging, dêr't titel en ynlieding dochs de klam op lizze, yn gjin fan de artikels yngeand analysearre en problematisearre wurdt, oars as troch de gearhing tusken beiden hjir en dêr oan te stippen, bygelyks troch Hoekstra, Breuker, Gorter, Westra en faaks noch it meast yn it artikel fan Sijens, dêr't Feitsma opfierd wurdt yn de staveringsdiskusje mei har twa ferskillende petten op, dy fan de taalbefoarderer en fan de taalwittenskipper.⁸

Laadt Feitsma yndie de fertinking op har, sa't Hoekstra ornearret, dat “de beweger yn har it wolris tefolle [wûn] fan 'e wittenskipper”⁹, dat ideologyske oertsjûgings har bytiden faaks it sicht op de akademyske objektiviteit benommen ha soenen, dan freget soks om it sinjlearjen fan konkrete gefallen en om in sekuer oardiel. De fraach wêr't maatskiplik engaazjemint foar in wittenskipper oergiet fan in fertsjinste yn in hinderpeal is like tiidleas as relevant en Feitsma har antwurd – op syn minst de uterste grinzen fan dy balâns opsykje – soe him it bêste analysearje litte troch in yntegrearre stúdzje fan de wikselwurking tusken wittenskiplike en bewegingsaktiviteiten.

Ek yn dat bewegingswurk sels sit nammers in nijsgjirrige spanning, nammentlik Feitsma har dûbelsinnige ferhâlding ta ‘it gewoane folk’. Westra presintearret har

4. D. Gorter, ‘Tony Feitsma en de sosjolinguiestyk’, 100-101.

5. Ibidem, 103-104.

6. Hoekstra, 19.

7. A. Dijkstra, ‘De Halbertsmadiskusje: hoe't Tony Feitsma omgie mei krytyk’, 63-76.

8. H. Sijens, ‘Tony Feitsma en de stavering fan it Frysk: om in iepen wittenskiplike diskusje en brede politike beslútfoarming’, 77-96.

9. Hoekstra, 21.

as emansipator dy't solidêr wêze woe mei "sosjaal ferhûddûke minsken" foar de "status en foaroardielen fan machthawwers" oer.¹⁰ Feitsma wie har tige bewust fan taalmacht en seach emansipaasje fan it Frysk dan ek as fehikel foar emansipaasje fan de Friezen. In maatskiplike situaasje kreëarje wêryn't it Frysk serieuze taalmacht hat, soe lykwols in oerheidsyngripen fergje dat gâns fierder giet as wêr't de trochsnee Fryskprater waarm foar rint. It moat Feitsma wol ôffallen wêze dat de Friezen har datoangeande sa min emansipearje lieten. Sy hie it bêste mei it 'gewoane folk' foar, mar dat folk wie net botte fetber foar har idealen.

En soe in krêftige posysjeferbettering fan it Frysk yndie it bêste middel west ha ta emansipaasje fan dy "ferhûddûke" Friezen? Op 't lêst is it net de taal dy't macht hat, mar binne it de minsken dy't de taal yn 'e macht ha moatte, en wat mear talen oft sy behearskje, wat better emansipearre, wat better tarist oft sy binne yn in globalisearre wrâld. Is it ûnder oaren, mei de wurden fan Hoekstra¹¹, yn dat "kon-servatyf-romantysk[e]" ideaal fan it Frysk as boeretaal fan in stikhinne Frysktalich Fryslân dat de beweging yn it paad stiet fan de wittenskipper?

Wittenskip en beweging jout in kaleidoskopysk byld fan Feitsma har wurk en stribjen en docht dat sûnder in finaal oardiel út te sprekken, sûnder ôfrûnjend haadstik dêr't in balâns yn opmakke wurdt en dêr is neat mis mei. It lit faaks de romte iepen, sa't men wolris grútsjen heart, foar in folsleine biografy. Mei dizze bondel is de suver wittenskiplike kant fan Tony Feitsma wol sawat fan alle kanten hifke, dat de romte foar in biograaf leit foaral yn har persoanlik libben – in genderperspektyf is dan faaks like brûkber as foar de hân lizzend – it pleatsen fan Feitsma har idealen yn de Europeeske kontekst fan nei-oarlochske minderheidskultuerbewegingen en it problematisearjen fan de ferhâlding tusken taalwittenskip en taalstriid. Foer foar in beheind publyk, fansels, mar de bondel jout oanlieding om te tinken dat it foer wêze soe dêr't wol byt oan sit.

Jan Ybema
Fryske Akademy, Ljouwert
Ryksuniversiteit Grins

¹⁰. L. Westra, 'Flammedraachster, fjoeroanstekster: lôge, let ta jiske tard. Tony Feitsma as Frysk Beweger', 144.

¹¹. Hoekstra, 20.